



# Skip sjonges mei fleur en faasje

It jeugdboek *De scheepsjonges van Bontekoe* fan Johan Fabricius (1899-1981) ferskynde foar it earst yn 1924. Nei mear as tritich boekprintingen yn it Nederlânsk, oersettingen yn sân talen, in stripferzje út de fyftiger jierren (nijste printinge 2013) én in ferfilming (2007) mei ûnder oaren Thomas Acda, Rense Westra, en Peter Tuinman as skipper Bontekoe, is it boek yn 2015 foar it earst yn it Frysk ferskynd.

It ferhaal mei bekend wêze: de freonen Hajo en Padde út Hoorn farre yn 1618 mei mei skipper Bontekoe en syn neef Rolf op de East-Ynjefarder de Nieuw-Hoorn – Hajo omdat it de grutste winsk is yn syn 14-jierrige bestean, Padde omdat er oan board yn sliep foel doe't er Hajo útswaaie soe. Underweis nei Java wurdt it skip teistere troch stoarmen, wynstille en sykte, mar hearsket der ûnder de bemanning ek in sterk gefoel fan kameraadskip en loyaliteit. Nei in brân fergiet it skip op de Yndyske Oseaan en fart de oerbleaune bemanning yn twa lytse boatsjes fierder. Yn de twadde helte fan it boek reitsje Hajo, Padde, Rolf en koksmaat Harmen skaat fan de rest fan de bemanning, en ûndernimme se mei syn fjouweren de spannende reis oer de Yndyske eilannen nei de haven van Bantam. Dêr fine se har kammeraden werom, en kin de lange reis nei hûs begjinne.

Ek it seemanspraat komt yn it Frysk moai ta syn rjocht: 'Ferjappy! Ik sil jim wat fertelle dêr't jim raar fan opsjen sille'

*De skip sjonges fan Bontekoe* hat in frisse humor dy't ek yn it orizjineel fan Fabricius te lêzen is, en it soarte oprjochtens yn tinken en hanneljen fan de personaazjes dat jo ferwachtsje fan sa'n oer-Hollânske aventoerklasker. Hoewol't oan de oare kant de grappen en sterke ferhalen fan de matroazen – de 'omes' – somtiden wat al te flau binne, en de moraal der op guon plakken tsjok as

sjerp fanôf dript, is it in feest om te lêzen. It bestean oan board fan sa'n grut skip, de lânskippen, bisten en minsken oan de frjemde kusten, it wurdt allegear wiidweidich en tige byldzjend beskreaun, oanfolle troch de prachtige platen fan yllustrator Roelof Wijtsma. Dêrfoaroer stiet dat de measte personaazjes wat stereotyp bliuwe, sûnder in soad djipgong of ûntwikkeling, mar dêr giet it fansels ek net om yn sokke boeken.

## Seemanspraat

It is moai dat Popkema guon nammen ferfryske hat wêrmei't it mei fleur en faasje fertelde ferhaal noch tichterby de lêzer komt. Ek it seemanspraat komt yn it Frysk moai ta syn rjocht: 'Ferjappy! Ik sil jim wat fertelle dêr't jim raar fan opsjen sille!' rôp de Noas, in grou mantsje mei in fraaie krol yn 'e snor en in noas as in koalraap. 'Ast liichst, byt ik dy de noas derôf!' drige Swarte Gijs, de smid. 'Dy soe, ferjappy, net ferkeard smeitsje!' rôp de Noas.

As boarnetekst is lykwols in Nederlânske 'wertaling' fan Suzanne Braam út 2007 brûkt, wêryn't de tekst fan Fabricius justjes oanpast is oan it taalgebrûk fan hjoed-de-dei. Dy kar is te begripen, al is it spitich dat it net ferantwurde wurdt troch de oersetter. Tagelyk binne guon lytse flaterkes fan de wertaler hjirmei ek yn de Fryske oersetting slûpt. As der brân is op de Nieuw-Hoorn skriuwt Fabricius bygelyks: 'De vlag moest veroverd worden! Op, vlammen! Haal het neer, dat dartele bonte doek!'" Dit ferwurdzjen út it eachpunt fan de flammen wei is krekt oars ynterpretearre yn de wertaling, en dus yn it Frysk: 'De flagge moet ferovert worden op de flammen. Helje it del, dat wapenperjende, bunte doek!'" Ek it oerskeakeljen fan no-tiid nei doe-tiid – dêr't Fabricius sels al net hiel konsekwint mei omgong – is yn de wertaling en yn it Frysk noch wat mear nei eigen goedtinken tapast, sa liket it wol. Fansels sille sokke details mar in minimale ynfloed hawwe op it lêsplesier fan dit boek. Op fakânsje as net, mei dit boek meitsje jo wis en seker in prachtige reis!



## Jeugd

### De skip sjonges fan Bontekoe

Johan Fabricius

Oersetter

Anne Popkema

Yllustraasjes

Roelof Wijtsma

Regaad

€ 19,50